

**FRYSLAN-A EKSAMEN**  
**20 septimber 2014**

**I Tiidwurden**

**(30 min.)**

*Op dit ûnderdiel kinne mei-inoar 66 punten helle wurde.*

*A. Set de tiidwurden dy't tusken de heakjes steane yn 'e **notiid**. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

It (1. wêze) heal april en as in aasiik hin (2. rinne) ik om it hûs hinne en (3. stoareagje) nei de loft. '(4. Sjen) do al sweltsjes?' (5. freegje) ik oan Petra. Sa't by guon minsken de beursberjochten it libben de mjitte (6. jaan), (7. wêze) dat by my de trekfûgels en dan benammen de sweltsjes. Mar dy (8. litte) har noch net sjen. By ús (9. gean) it om fjouwer soarten sweltsjes. Heech en fier boppe doarp en stêd (10. fleane) simmerdeis de toerswel. Dêrûnder, mear boppe doarpen as boppe stêden, (11. dûnsje) en (12. jeie) de hússwel, in swel mei folle koartere flechtlinen. Wat leger by de grûn (13. komme) men op guon plakken de ierdswel tsjin. Foar de fjirde soarte, de boereswel mei syn lange sierlike v-foarmige sturt, (14. moatte) do net omheech, mar krekt nei ûnderen sjen.

*B. Set de tiidwurden dy't tusken de heakjes steane yn 'e **doetiid**. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 12 punten.*

Fan it earste begjin ôf (1. neame) ik de wytgatswel hússwel. Ik (2. komme) mei de skrik frij, want dy namme (3. stean) gewoan yn it tsjokke *Wurdboek fan de Fryske taal*. Ik (4. lêze) dat mear minsken dy namme (5. brûke), bygelyks de grutte Fryske natuerûnderwizer Douwe T.E. van der Ploeg. Ik (6. sitte) yn Snits op de middelbere skoalle en wy (7. grapkje) yn dy tiid dat oan de kweekskoalle in 'DDT van der Ploeg' ûnderwiis (8. jaan). Dy ferwizing nei it ferskriklike ynsektiside DDT (9. kinne) fansels hast net wreder, want Van der Ploeg (10. wêze) ien fan de grutste Fryske natuerminsken fan de tweintichste ieu. Hy (11. skriuwe) in protte oer de natuer en (12. meitsje) as earste in atlas fan planten yn Fryslân.

*C. Skriuw it **mulwurd** op fan de tiidwurden dy't tusken de heakjes steane. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it mulwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

Sweltsjes oerwinterje yn 'e wiete modder. Sa hawwe minsken yn Europa hiel lang (1. tinke). Om 1200 hinne hat de abt fan de Sistersiënser Abdij fan Königswinter yn Dútslân (2. skriuwe) oer in man dy't in sweltsje fan it nêst (3. fange) hie en de fûgel in briefke oan 'e poat (4. hingje) hie mei de tekst 'O sweltsje, wêr bisto winterdeis?' Doe't it sweltsje in jier letter werom (5. fleane) wie, hie der in nij briefke om syn poat (6. sitte) mei dêrop: 'Yn Azië, by Petrus thús.' Sa waard der hûnderten jierren oer oerwinterjende sweltsjes (7. diskusjearje). De Dútser Johann Frisch hat it mei lytse toutsjes (8. besykje), dy't er om de poaten fan sweltsjes (9. knoopje) hie. Dy toutsjes hie er mei wetterferve wat kleur (10. jaan). Guon fan syn sweltsjes wiene in simmer letter (11. weromkomme) en wiene de wetterferve net (12. kwytretsjje). Frisch hie dêrút de konklúzje (13. lûke) dat dy sweltsjes de winter net yn 'e wiete modder (14. trochbringe) hiene.

Ut: Theunis Piersma, *Sweltsjes fan Gaast* (oanpast)

*D. Set de Nederlânske tiidwurdsfoarmen dy't tusken de heakjes steane yn de goede Fryske foarm en tiid. Foarbyld: Hy (hawwe: notiid) it net oan tiid. Hy hat it net oan tiid. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede Fryske foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 6 punten.*

1. Do (lachen: notiid) my dochs net út?
2. De ûndersikers binne noch mar krekt mei har wurk (beginnen).
3. Jimme (doen: notiid) goed jimme bêst.
4. Ik (roepen: doetiid) dat se fuortgean moasten.
5. Do (eten: doetiid) juster dyn iten net op.
6. De beide manlju (bieden: doetiid) in protte jild foar dy âlde auto.

*E. Meitsje de sinnen op de goede wize ôf. Dêrby moatte de twa tiidwurden dy't tusken de heakjes steane, brûkt wurde. Set dy tiidwurden yn de troch jo ôfmakke sin yn de goede **foarm** en de goede **folchoarder**. Mei-inoar 10 punten.*

1. Wa hie dat ea (kinne, tinke)?
2. Ik wist net dat hy dy trui sels (breidzje, hawwe).
3. Us mem hat dy geit ek wol by de dyk (sjen, stean).
4. Jan sil wol net mei ús te (meie, swimme).
5. Witsto ek wat der yn dy gearkomste (beslute, wêze)?

*F. Set de neikommende sinnen, benammen wat de tiidwurden oanbelanget, sa goed mooglik oer. Mei-inoar 10 punten.*

1. U wordt bedankt voor al het werk dat u hebt verricht.
2. Als jullie tien minuten kunnen blijven wachten, ga ik de papieren nu nog in orde maken.
3. Marike haalde diep adem, voordat zij in het water dook.
4. Toen hij ging schreeuwen, keken alle mensen zijn kant op.
5. Nadat wij de stad in waren geweest, zijn wij naar het restaurant gelopen om daar koffie te gaan drinken.